

Besprek →

Jan Breimer en Jan Dirk Wassenaar [red.] (2012) Dr. Bernard Smilde, tûzenpoat en trochsetter

It Hearrenfean: Uitgeverij Protestantse Pers

Koen Zondag (Feanwâlden)

Op sneon 28 jannewaris 2012 krige dr. Bernard Smilde, tûzenpoat en trochsetter, by gelegenheid fan syn njoggentichste jierdei in bondel oanbean. It mânske boek fan 246 siden befettet fyftjin bydragen, trettjin yn it Frysk, ien yn it Hollânsk en ien yn it Dútsk. Yn de taheakken binne nêst in bibliografy listen fan syn berimings en oersettings, komposysjes en bewurkingen opnommen. Foar't de ûnderskate haadstikken oan bar komme, moatte my in pear dingen fan it hert. Wêrom is der gjin apart haadstik oer Smilde as teolooch? Hie in *Tabula Gratulatorum* net op syn plak west? En soe de brûkberens fan dit boek mei in soad ynformaasje net fergrutte wêze as in register tafoege wie?

Yn it earste (en langste) haadstik fan it boek jout Jan Dirk Wassenaar in moaie biografy fan Bernard Smilde. Syn bernejierren, syn leafde foar de muzyk (mei tolve jier spile de jonge Bernard al in kear as wat yn in tsjerketsjinst), de jierren yn De Haach en de Fryske lessen fan de foarsitter fan de krite yn dat plak, master Teake Stavenga. Mar de teology wie syn grutte leafde. Hy mocht as jonge al graach nei in moaie preek harkje. Spesjale jongereintsjinsten, sa wurde wy gewaar, hat er altyd ûnsin fûn.

Noch as teologysk studint krige er yn 1947 it fersyk fan de Achlumer grifformearde tsjerke om it fakante plak yn te nimmen; op 1 maaie 1949 waard er dêr befêstige as dûmny. Nei dat plak folgen Garyp, Gruttegast, De Gordyk en Koartswaagen en Burgum. Syn kapasiteiten as berimer en komponist waarden al betiid opmurken. In libben lang hawwe dy aspekten, mei it oersetten fan Bibel en Lieteboek, in grutte rol yn syn bestean spile. It seit himsels dat it wurk as dosint oan de 'Muziekpedagogische Academie' yn Ljouwert en de fierdere stúdzje, ôfsletten mei in dissertaasje yn 1986, en de oare publikaasjes it nedige omtinken krije.

It preekjen yn it Frysk wurdt fansels ek neamd. By in Fryske preek harket de gemeente 'stiller en oandachtiger'. In jonkje sei dat dûmny net preke,

mar praat hie. Letter bepleite Smilde meartaligens yn de liturgy. In lang en ryk libben fan in man dy't 'in soad segen' hân hat, giet yn dit haadstik, dat ek in ynlieding op de oare bydragen is, oan jin foarby.

Yn it twadde haadstik jout Cor Waringa in kertiersteat fan Bernard Smilde. Nêst in oersjoch fan de generaasjes steane hjir en dêr kostlike oanfollings, bygelyks oer syn mem, dy't de jonge dûmny wiisde op de needsaak om goed te artikularjen: 'Net sa sleau! Sprek dy wurden goed út!'

Haadstik 3 telt mar fjouwer siden. It is skreaun troch in sweager, mentor en freon fan Smilde: Atze Bosch. Hy siet by Smilde op it fraachlearen, waard troch it houlik fan Smilde mei Janke Bosch dy syn sweager en skreau as Fries om utens wolris teksten foar kritegearkomsten. Nei syn pensjonearring kaam Bosch werom yn Fryslân. Doe ûntstie der in waarm oparbeidzjen, in freonskip, tusken beide mannen op it mêd fan lietteksten.

Liuwe Westra hat syn haadstik – in essay – in tekst út de Wumkes-Folkertsma-oersetting meijûn: 'Hy gyng fuortynienen hinne en hannele dêrmei', de likenis oer de talinten. Smilde lies mei niget it part oer de dwerse Ljouwerter dûmny W.A. van Es en it *Frysk Studinte Almenak*. It twadde part ('Smilde en de Fryske Beweging') late lykwols ta wat 'rumor in casa'. Guon dingen wienen neffens Smilde troch Westra net of ferkeard neamd. Dêr moast wat oan dien wurde. Hoe't it wie en hoe't it gie stiet te lêzen yn *De Swingel* fan july 2012. Jabik van der Bij nimt it yn syn bydrage 'Bewegd, mar gjin beweger?' op foar Smilde. Hjir is it genôch om te sizzen dat beide mannen wer fleurich en tegearre fierder kuijerje.

Jan Popkema, de skiedskriuwer fan it *Kristlik Frysk Selskip (KFS)*, fertelt yn haadstik 5 oer de relaasje tusken Smilde en de krektneamde organisaasje. Eins wie it in symbioaze. As Smilde in berop nei Gruttegast krijt (1958), besiket in delegaasje fan it KFS him foar Fryslân te behâlden: 'Wy kinne jo net misse'. Smilde liet him net beprate.

De earste bydragen – psalmberimings – yn it orgaan fan it KFS, *De Stim fan Fryslân*, ferskynden al yn 1942. Foaral yn de jierren 1960-1965 skreau Smilde artikels oer bygelyks Fryslân en it Frysk en it Frysk yn tsjerke. Algemiene saken lykas de ekonomy waarden troch oaren behannele. Popkema beslút mei in persoanlike noat. Hy frege Smilde om kommentaar oangeande syn doktoraalskripsje *Psalmbewurkingen yn it Frysk* (1983). Dat waard jûn oan it siikbêd fan Popkema, se praten twa oeren lang, 'yn alle rêst, sûnder hastigens'. Wêrom't Popkema de klam op dy wurden leit, hoecht oan in goed fersteander net útlein te wurden.

Ernst Martin Dahl beskriuwt yngeand en oertsjûgjend de rol dy't Smilde spile hat oangeande it Noard-Frysk. Troch syn kontakten mei Noard-Fryslân droech er by oan de 'Versöhnung' tusken Westerlauwersk Fryslân en de oare Fryslannen. Dahl is tige tankber foar de help dy't Smilde him

bean hat by it ta stân bringen fan it 'Mooringerfriesisches Gesangbuch'. It ferskynde as *Loow nü e Hiire*. Ut de earste preek fan Smilde yn it Noard-Frysk (augustus 1953) is in moai sitaat oernommen.

Yn haadstik 7 beskriuwt Jacobus Knol Smilde as dichter en berimer. Kritysk, mar ek mei in protte wurdearring. Yn it artikel is nijsgjirrige ynformaasje te finen oer alliteraasje en stêfrym, oer de moed fan de dichter om ferâldere wurden lykas 'âffaars', 'moanning' en 'wale' te brûken, en wurdt oer prachtige fynsten as 'Yn Kristus is de rêst ús jûn / yn Kristus ha wy fêste grûn' (*Lieteboek* 305:1) de loftrompet stutsen. Knol pleitet derfoar om Bernard Smilde de Obe Postma-priis te jaan. 'Leaver net postúm', lykas by Gerben Brouwer.

De *Nije Fryske Bibeloersetting* mocht yn it boek fansels net ûntbrekke. Dûmny Hindrik Brouwer, dy't yn de oersetting behelle wie, beskriuwt it riden en farren dêrfan yn haadstik 8. Smilde, de koördinator, wie 'de freonlike slavedriuwer'. Brouwer besteget in part fan syn ferhaal oan de teoryen fan it oersetten. Hy hie op grûn fan syn literêre gewisse wol twiwels oangeande de kar foar de *dynamysk-ekwivalinte metoade*, dêr't Smilde 'opteine uteringen yn *De Seinboade*' oer skreau. In oar punt wie de 'striid' om de doetiid en it mulwurd fan it tiidwurd *hâlde*. Heit en soan Brouwer woenen 'hold' en 'holden', mar de supervisors keazen foar 'hâlde' en 'hâlden'. Ulbe van Houten, dy't it plak fan Fedde Schurer ynnaam, skreau ek hold en holden: 'en doe mocht it ynienen wol'. Brouwer jout sa in moai ynkykje yn de oerset-koken.

Auke de Boer en Jan Breimer jouwe in wiidweidich oersjoch fan 'Smilde en de Fryske earetsjinst'. In pear foarbylden: it boekje mei sneinsskoallelieten *Blide Stimmen*, it *Lieteboek foar de Tsjerken*, de Fryske fespers, it *Tsjinstboek* en *Tuskentiden*. Der is wurdearring foar Smilde, gjin solist, mar faak wol de earste fioelist. Om't er syn ein net losliet, 'koe Bernard it jin dreech meitsje'. Mar de tank fiert de boppetoan.

Doe't de musikus Wim D. van Ligtenberg Smilde foar it earst moete, stelde de lêste him foar mei de wurden: 'Ik ben componist.' Van Ligtenberg stie perpleks. Twa komposysjes fan Smilde wurde yn it bysûnder, en kritysk, skôge: *It bliid boadskip. Kryst-oratoarium yn fjouwer dielen* (1944) en *Ruth. Bibelsk oratoarium yn fjouwer dielen foar solo-stimmen, koar en lyts orkest* (2001). Oan de ein fan syn artikel stelt Van Ligtenberg de fraach oft Smilde yn syn lange libben 'de weg naar echte oorspronkelijkheid' fûn hat. De konklúzje: Smilde hat in soad komponearre en ferskate foarmen brûkt, 'maar hij ontroert met zijn kerklied'.

De muzyk komt fierder oan bar yn haadstik 11, it opstel fan Pieter Rients Beintema oer Smilde en it Fryske koarlibben. Beintema wiist op it *Priis-sjongen*, mei sjueryleden dy't, as teken fan har weardichheid, in rozet yn it knoopsgat fan it kolbertjaske droegen. Nei ôfrin fan de kriich brûkte de

jonge Pieter Rients it as boartersguod. It koarlibben, wurk dat op lp's of cd's ferskynd is, de *Friesch Dagblad Play-in foar Smilde*, it wurdt allegearre neamd. Leafhawwers fan tsjerkeskiednis, better sein tsjerkestriid, yn 'duodecimo' komme oan har trekken yn Klaas de Jong Ozn. syn haadstik oer it ta stân kommen fan it *Liedboek voor de Kerken*. It koste gâns muoite (én fertriet) om de herfoarme en grifformearde bruorren op ien line te krijen. Smilde wie yn it proses behelle en hat dêryn neffens De Jong in sintrale rol spile, mei bygelyks immen as Cornelis Rijnsdorp.

Gysbert Japicx-kenner Philippus Breuker skriuwt op de fan him bekende sekuere wize – syn artikel telt mar leafst 85 noaten! – oer de meldijen fan de lieten fan de Boalserter dichter-skoalmaster. Oan de ein fan de boeiende speurtocht lûkt Breuker de konklúzje dat in tal lieten fan Gysbert Japicx 'in oare wize hân hat as dat oant no ta tocht wurdt'. It artikel beslút mei de fraach oft Gysbert 'miskien te frij [wie] yn it fariearjen fan de muzyk?'

Oane Reitsma skriuwt oer Smilde as hymnolooch. Reitsma neamt de 'ferbining mei de praktyk fan de wittenskip en it tsjerklik libben'. Dêr leit 'ien fan de sterkste punten fan Smilde syn wurk'. Yn it artikel steane party nijsgjirrige opmerkings. By it berymjjen fan psalm 29 wie it net mooglik om de sân tongerwurden in plak te jaan yn de strofyske struktuer. Smilde keas it hillige getal trije: trije strofen mei deselde einrigels, te witten: 'Hark, de stim fan God de Heare!' De opmerking dat Smilde net de filosofyske of systematysk-teologyske kant neist is, soe ta in boeiende diskusje liede kinne.

Yn it lêste haadstik komme Beart Oosterhaven en Hans Algra op 'e tekst oer Smilde as skriuwer oer oarmans wurk. Yn dizze resinsje folstean ik mei it part oer Smilde syn pamflet tsjin Jan Rot syn 'hertaling' fan de Mattéus-passy. Neffens Smilde 'it willemoeds skea tabringen oan in kostber keunstwurk.' By it bestriden fan de 'nije Mattéus-passy' hat Smilde, sa skriuwe Oosterhaven en Algra, 'suver alle petten út syn yntellektuele kleankast op hân'. Opponinten koenen syn arguminten net maklik wjerlizze: 'De man hat in pear finnen mear as in bears.'

As foarhinne bern geregeldwei misten op de sneinsskoalle, krigen hja in warskôging yn de foarm fan in aansichtkaart. Nei de namme folge: 'waarom bleef je stoeltje leeg?' Doe't Fedde Schurer foar de safolste kear net oanwêzich wie by de redaksjegearkomste fan *Blide Stimmen*, krige er ek sa'n kaart. De tekst wie: 'Fedde, waarom bleef je stoeltje leeg?' As dy anekdoate opnommen wie, hienen de lêzers fan dit earnstige, kalvinistyske boek ek noch in kear glimkje kinnen.

